

Heidelberger Kategismus

Underwiis yn 'e kristlike lear

oersetten yn it Frysk fan hjoed-de-dei troch
ing. Tjibbele Miedema en dû. Jan J. Poutsma

mei stipe fan Tine Dijkstra, dr Bernard Smilde en drs Hindrik Sijens

ikere troch in kommisje
fan de Partikuliere Synoade Fryslân
fan de Grifformearde Tsjerken (frijmakke)

bestearde út:

prof. dr Rolf Bremmer
dr Hans Burger
prof. dr Jochem Douma
dû. Gerard Geerds
drs Jan Geersing

LJOUWERT 2012

Heidelberger Kategismus: ûnderwiis yn 'e kristlike lear

Snein 1

1

Fr. Wat is dyn iennichste treast yn libben en yn stjerren?

Antw. Dat ik mei lichem en siel yn libben en yn stjerren¹, net mysels² tabehear, mar it eigendom fan myn trouwe Rêder Jezus Kristus³ bin. Want Hy hat mei syn kostber bloed foar al myn sûnden folslein betelle⁴, en my fan alle macht fan 'e duvel ferlost⁵.

Hy bewarret my sa⁶, dat my gjin hier fan 'e holle falle kin⁷ bûten myn himelske Heit om. Ja, sels sa, dat alles foar myn rêding⁸ tsjinje moat.

Hy makket my dêrom troch syn Hillige Geast ek wis fan it ivige libben⁹, en fan herten reewillich om tenei foar Him te libjen¹⁰.

¹ Rom 14:8; 1Tess 5:9, 10. ² 1Kor 6:19, 20. ³ 1Kor 3:23; Tit 2:14. ⁴ 1Petr 1:18, 19; 1Joh 1:7; 1Joh 2:2, 12. ⁵ Joh 8:34-36; Hebr 2:14, 15; 1Joh 3:8. ⁶ Joh 6:39; 10:27-30; 2Tess 3:3; 1Petr 1:5. ⁷ Mt 10:29, 30; Luk 21:18. ⁸ Rom 8:28. ⁹ Rom 8:16; 2Kor 1:22; 5:5; Ef 1:13, 14. ¹⁰ Rom 8:14; 1Joh 3:3.

2

Fr. Wat hasto nedich te witten, datsto yn dy treast lokkich libje en stjerre meist?

Antw. Yn it foarste plak, hoe grut myn sûnden en ellinde binne¹.

Yn it twadde plak, hoe't ik fan al myn sûnden en ellinde ferlost wurd².

En yn it tredde plak, hoe't ik God foar sa'n ferlossing tankber wêze kin³.

¹ Mt 9:12; Joh 9:41; Rom 3:10; 1Joh 1:9, 10. ² Luk 24:46, 47; Joh 17:3; Hann 4:12; 10:43; 1Kor 6:11; Tit 3:3-7. ³ Ps 50:14, 15; 116:12, 13; Mt 5:16; Rom 6:12, 13; Ef 5:10; 2Tim 2:15; 1Petr 2:9, 12. Sjoch fierder Mt 11:28-30; Ef 5:8

IT EARSTE DIEL

Us ellinde

Snein 2

3

Fr. Wêrút kensto dyn ellinde?

Antw. Ut 'e wet fan God¹.

¹Rom 3:20.

4

Fr. Wat easket God yn syn wet fan ús?

Antw. Dat leart Kristus ús yn in gearfetting, Mattéus 22: 37-40:

Do silst de Hear dyn God leafhawwe mei dyn hiele hert, dyn hiele siel en dyn hiele ferstân.

Dat is it grutte en allerfernaamste gebod.

En it twadde stiet dêr lyk mei: Do silst dyn neiste leafhawwe sa'tst dysels leafhast.

Dy beide geboaden hingje wet en profeten¹ hielendal fan ôf.

¹Deut 6:5; Lev 19:18; Mk 12:30, 31; Luk 10:27.

5

Fr. Kinsto dat allegearre folslein neikomme?

Antw. Nee¹, want ik bin yn 'e wille om God en myn neiste te haatsjen².

¹Rom 3:10, 20, 23; 1Joh 1:8, 10. ²Gen 6:5; 8:21; Jer 17:9; Rom 7:23; 8:7; Ef 2:3; Tit 3:3.

Snein 3

6.

Fr. Hat God de minske dan sa min en ferkeard skepen?

Antw. Nee; God hat de minske goed¹ en nei syn byld skepen². Dat wol sizze: yn wiere gerjochtichheid en hillichheid, dat er God, syn Skepper yn wierheid kenne, Him fan herten leafhawwe, en mei Him yn 'e ivige hearlikheid libje mocht om Him te loovjen en te priizgjen³.

¹ Gen 1:31. ² Gen 1:26, 27. ³ Ef 4:24; 2Kor 3:18; Kol 3:10.

7

Fr. Wêr komt sa'n ferdoarn aard fan 'e minske dan wei?

Antw. Ut 'e fal en oerhearrigens fan ús earste foarâlden, Adam en Eva, yn it paradys¹; want dêr waard ús natuer sa ferdoarn, dat wy allegearre yn sûnden ûntfongen en berne wurde².

¹ Gen 3; Rom 5:12, 18, 19. ² Ps 51:7; Joh 3:6.

8

Fr. Mar binne wy sa yn 'e grûn ferdoarn, dat wy hielendal ûnbekwaam binne ta iennich goed en oerhingje nei alle kwea?

Antw. Ja¹; of wy moatte opnij berne wurde troch de Geast fan God².

¹ Gen 6:5; 8:21; Job 14:4; 15:14, 16, 35; Jes 53:6. ² Joh 3:3, 5; 1Kor 12:3; 2Kor 3:5.

Snein 4

9

Fr. Docht God de minske dan gjin ûnrjocht oan, mei yn syn wet fan him te easkjen wat er dochs net neikomme kin?

Antw. Nee; want God hat de minske sa skepen, dat er it wol neikomme koe¹. Mar de minske hat himsels en syn hiele neiteam sawol troch it ynjaan fan 'e duvel as troch moedwillige oerhearrigens fan dy jeften berôve².

¹ Gen 1:27; Ef 4:24. ² Gen 3:4-6; Rom 5:12; 1Tim 2:13, 14.

10

Fr. Wol God sa'n oerhearrigens en ôffal sûnder straf litte?

Antw. Nee, út noch yn net; mar Hy fergrimet Him skriklik sawol om 'e oanberne sûnden as om de sûnden dy't wy dogge.

Hy wol dy mei in rjochtfeardich oardiel yn tiid en ivichheid straffe¹, lykas er sprutsen hat: *De flok oer elk dy't him net hâldt oan alle foarskriften fan it boek fan 'e wet om dy nei te kommen. Galatiërs 3: 10².*

¹ Gen 2:17; Ex 20:5; Ex 34:7; Ps 5:6; Nah 1:2; Rom 1:18; 5:12; Ef 5:6; Hebr 9:27. ² Deut 27:26.

11

Fr. Mar is God dan ek net barmhertich?

Antw. Wis wol¹, mar Hy is ek rjochtfeardich². Dêrom easket syn gerjochtichheid, dat de sûnde, dy't bedreaun is tsjin Gods allerheechste majesteit, ek straft wurdt mei de swierste, dat is de ivige straf, sawol oan lichem as oan siel³.

¹ Ex 20:6; 34:6, 7. ² Ex 20:5; 23:7; 34:7; Ps 7:10; ³ Nah 1:2, 3; 2Tess 1:9.

IT TWADDE DIEEL Us ferlossing

Snein 5

12

Fr. As wy dan neffens Gods rjochtfearlich oardiel yn tiid en ivichheid straf fertsjinne hawwe, soe der iennich middel wêze, om oan dy straf te ûntkommen en om wer yn genede oannommen te wurden ?

Antw. God wol, dat oan syn gerjochtichheid foldien wurdt¹. Dêrom moatte wy dêroan ôf troch ússels ôf troch in oar folslein betelje².

¹ Gen 2:17; Ex 20:5; 23:7; Ezech 18:4; Hebr 10:30. ² Mt 5:26; Rom 8:3, 4.

13

Fr. Mar kinne wy sels betelje?

Antw. Perfoarst net; krekt oarsom: wy meitsje de skuld alle dagen noch grutter¹.

¹ Job 4:18, 19; 9:2, 3; 15:16; Ps 130:3; Mt 6:12; 16:26; 18:25.

14

Fr. Is der earnewêr ek ien, inkeld-mar-skepsel, te finen dy't foar ús betelje kin?

Antw. Nee; want God wol gjin oar skepsel straffe foar de skuld dy't de minske makke hat¹; boppedat kin sa'n skepsel de lêst fan Gods ivige grime tsjin de sûnde ek net drage en oare skepsels dêrfan ferlosse².

¹ Gen 3:17; Ezech 18:4. ² Ps 130:3; Nah 1:6.

15

Fr. Hokker Middeler en Ferlosser moatte wy dan sykje?

Antw. Sa'nien, dy't echt¹ en rjochtfearlich² minske is, en lykwols ek sterker as alle skepsels, dat wol sizze, dy't tagelyk echt God is³.

¹ 1Kor 15:21. ² Hebr 7:26. ³ Jes 7:14; 9:5; Jer 23:6; Luk 11:22; Rom 8:3, 4.

Snein 6

16

Fr. Wêrom moat Er in echt en rjochtfearlich minske wêze?

Antw. Om't Gods gerjochtichheid easket dat de minslke natuer, dy't sûndige hat, ek foar de sûnde betellet¹. Wa't lykwols sels in sundich minske is, kin net foar oaren betelje².

¹ Jes 53:3-5; Jer 33:15; Ezech 18:4, 20; Rom 5:12-15; 1Kor 15:21; Hebr 2:14-16. ² Ps 49:8; Hebr 7:26, 27; 1Petr 3:18.

17

Fr. Wêrom moat de Middeler tagelyk echt God wêze?

Antw. Om troch syn godlike krêft¹ as minske de lêst fan Gods grime² drage te kinnen³. Dêrtroch kin Er ús de gerjochtichheid en it libben winne en weromjaan⁴.

¹ Jes 9:5; Rom 1:4; Hebr 1:3. ² Deut 4:24; Nah 1:6; Ps 130:3. ³ Jes 53:4, 11. ⁴ Jes 53:5, 11; Jes 54:8; Joh 3:16; Hann 20:28; 1Petr 3:18.

18

Fr. Mar wa is dy Middeler, dy't echt God¹ en tagelyk in echt² en rjochtfearlich minske is³?

Antw. Dat is ús Hear Jezus Kristus⁴, dy't fan Godswegen wurden is: ús wysheid, gerjochtichheid, hilliging en folsleine ferlossing⁵.

¹ Jer 23:6; Mal 3:1; Rom 8:3; Gal 4:4; 1Joh 5:20. ² Luk 1:42; 2:6, 7; Rom 1:3; Fil 2:7; Hebr 2:14, 17; 4:15. ³ Jes 53:9, 11; Jer 23:5; Luk 1:35; Joh 8:46; Hebr 4:15; 7:26; 1Petr 1:19; 2:22; 3:18. ⁴ Mt 1:23; Luk 2:11; Joh 1:1, 14; 14:6; Rom 9:5; 1Tim 2:5; 3:16; Hebr 2:9. ⁵ 1Kor 1:30; 2Kor 5:21.

19

Fr. Hoe witsto dat?

Antw. Ut it hillich Evangeelje. God hat dat sels earst iepenbiere yn it paradys¹. Dêrnei hat Er it ferkundigje³ litten troch de hillige aartsfaders² en profeten en útbyldzje litten troch de offers en oare gebrûken fan 'e wet dy't in skaad binne fan wat Kristus bringe sil⁴.

Op't lêst hat Er dy ferfolle troch syn iennichstberne Soan⁵.

¹ Gen 3:15. ² Gen 12:3; 22:18; 26:4; 49:10. ³ Jes 42:1-4; 43:25; 49:6; 53; Jer 23:5, 6; 31:32, 33; Mi 7:18-20; Joh 5:46; Hann 3:22-24; 10:43; Rom 1:2; Hebr 1:1. ⁴ Kol 2:17; Hebr 10:1, 7. ⁵ Rom 10:4; Gal 3:24; 4:4, 5; Kol 2:17.

Snein 7

20

Fr. Krije dan alle minsken troch Kristus wer diel oan 'e ferlossing, lykas hja yn Adam feroardiele binne?

Antw. Nee¹, mar allinnich dyjingen, dy troch in wier leauwe by Him ynlive wurde en al syn woldieden oannimme².

¹ Mt 7:14; 22:14. ² Ps 2:12; Mk 16:16; Joh 1:12, 13; 3:16, 18, 36; Rom 3:22; 11:20; Hebr 4:2, 3; 5:9; 10:39; 11:6.

21

Fr. Wat is in wier leauwe?

Antw. In wier leauwe is in wis witten, wêrtroch't ik alles foar wier hâld, dat God ús yn syn wurd iepenbiere hat¹.

Tagelyk is it in fêst betrouwen², dat de Hillige Geast³ troch it evangeelje yn myn hert wurket⁴, dat God net allinne oaren, mar ek my ferjouwing fan 'e sûnden, ivige gerjochtichheid en ferlossing⁵ beskikt hat – en dat út kleare genede, suver en allinnich om 'e wille fan Kristus' fertsjinst⁶.

¹ Rom 4:20, 21; Hebr 11:1, 3; Jak 1:6. ² Ps 9:11; Rom 4:16-21; 5:1; 10:10; Ef 3:12; Hebr 4:16. ³ Mt 16:17; Joh 3:5; 6:29; Hann 16:14; 2Kor 4:13; Ef 2:8; Fil 1:29. ⁴ Mk 16:15; Hann 10:44; 16:14; Rom 1:16; 10:17; 1Kor 1:21. ⁵ Hab 2:4; Hann 10:43; Rom 1:17; Gal 3:11; Hebr 10:10, 38. ⁶ Luk 1:77, 78; Joh 20:31; Hann 10:43; Rom 3:24; 5:19; Gal 2:16.

22

Fr. Wat moat in kristen leauwe?

Antw. Alles wat ús yn it evangeelje tasein wurdt. Dêrfan jouwe de artikels fan ús algemien en ûnbetwivele kristlik leauwe in gearfetting¹.

¹ Mt 28:19; Mk 1:15; Joh 20:31.

APOSTOALYSKE BELIDENIS FAN IT LEAUWE

23

Fr. Hoe binne dy artikels?

- Antw. 1. Ik leau yn God, de Heit, de Almachtige, Skepper fan himel en ierde.
 2. En yn Jezus Kristus, syn Ienlingssoan, ús Hear;
 3. dy't ûntfongen is fan 'e Hillige Geast, berne út 'e faam Maria;
 4. dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus, krusige, stoarn en begroeven is, deltein yn 'e hel;
 5. de tredde deis wer opstien út 'e deaden;
 6. opfearn nei de himel, en no sit oan 'e rjochterhân fan God, de almachtige Heit;
 7. dêr't Er weikomme sil om te oardieljen de libbenen en de deaden.
 8. Ik leau yn 'e Hillige Geast.
 9. Ik leau ien hillige algemiene kristlike tsjerke, de mienskip fan 'e hilligen;
 10. ferjouwing fan 'e sûnden;
 11. weropstanning fan it lichem;
 12. en in ivich libben.

Snein 8

24

Fr. Hoe wurde dy artikels yndield?

Antw. Yn trije dielen.

It earste giet oer God de Heit en ús skepping;

It twadde oer God de Soan en ús ferlossing;

It tredde oer God de Hillige Geast en ús hilliging.

25.

Fr. Wêrom neamsto dan de Heit, de Soan en de Hillige Geast, wylst der mar ien iennich Godlik wêzen is¹?

Antw. Om't God Him sa yn syn Wurd iepenbiere hat: dy trije ûnderskate Persoanen binne de iennige, wiere en ivige God².

¹ Deut 6:4; Jes 44:6; 45:5; 1Kor 8:4, 6; Ef 4:5, 6. ² Gen 1:2, 3; Jes 61:1; Mt 3:16, 17; 28:19; Luk 1:35; 4:18; Joh 14:26; 15:26; Hann 2:32, 33; 2Kor 13:13; Gal 4:6; Ef 2:18; Tit 3:4-6.

GOD DE HEIT EN US SKEPPING

Snein 9

26

Fr. Wat leausto mei dizze wurden: Ik leau yn God de Heit, de Almachtige, Skepper fan himel en ierde?

Antw. Dat de ivige Heit fan ús Hear Jezus Kristus, dy't himel en ierde mei alles wat der yn is út neat skepen hat¹ en noch altiten ûnderhâldt en regearret² troch syn ivige ried en foarsjennichheid, om 'e wille fan syn Soan Kristus myn God en myn Heit is³.

Dêrom betrou ik sa fêst op Him, dat ik net twivelje, of Hy sil foarsjen yn alles wat ik nei lichem en siel nedich haw⁴, en ek alle kwea, dat Er my yn dit muoitefol libben taskikt, ta myn bêst beteare litte⁵. Want Hy kin dat dwaan as in almachtich God⁶, en wol it ek dwaan as in trouwe Heit⁷.

¹ Gen 1:1; 2:3; Ex 20:11; Job 33:4; 38:4-11; Ps 33:6; Jes 40:26; Hann 4:24; 14:15. ² Ps 104:2-5, 27-30; Ps 115:3; Mt 10:29, 30; Rom 11:36; Ef 1:11. ³ Joh 1:12; Rom 8:15; Gal 4:5-7; Ef 1:5. ⁴ Ps 55:23; Mt 6:25, 26; Luk 12:22-24. ⁵ Rom 8:28. ⁶ Rom 8:37-39; 10:12; Iep 1:8. ⁷ Mt 6:32, 33; 7:9-11.

Snein 10

27

Fr. Wat ferstiesto ûnder Gods foarsjennichheid?

Antw. De almachtige en rûnom bywêzige krêft fan God¹, wêtroch't Er himel en ierde en al wat skepsel is noch altiten yn stân hâldt as mei syn hân. Hy regearret² se sa, dat krûd en gers, rein en droechte³, fruchtbere en ûnfruchtbere jierren, iten en drinken, sûnens en sykte, rykdom en earmoed, ja alle dingen⁴ ús net by tafal oerkomme, mar fan syn Heitehân ús barre⁵.

¹ Ps 94:9, 10; Jes 29:15, 16; Jer 23:23, 24; Ezech 8:12; Mt 17:27; Hann 17:25-28. ² Hebr 1:3. ³ Jer 5:24; Hann 14:17. ⁴ Spr 22:2; Joh 9:3. ⁵ Spr 16:33; Mt 10:29.

28

Fr. Wat jout it ús, dat wy witte dat God alles skepen hat en noch altiten troch syn foarsjennichheid ûnderhâldt?

Antw. Dat wy yn alle tsjinspoed geduldich¹, yn foarspoed tankber wêze kinne², en foar de takomst dit fêste betrouwen stelle op ús trouwe God en Heit, dat gjin skepsel ús fan syn leafde skiede³ kin. Want alle skepsels binne sa yn syn hân dat se tsjin syn wil har net roere of ferwege kinne⁴.

¹ Job 1:21, 22; Ps 39:10; Rom 5:3, 4; Jak 1:3. ² Deut 8:10; 1 Tess 5:18. ³ Ps 55:23; Rom 5:4, 5; 8:38, 39. ⁴ Job 1:12; 2:6; Spr 21:1; Hann 17:25-28.

GOD DE SOAN EN US FERLOSSING

Snein 11

29

Fr. Wêrom wurdt de Soan fan God Jezus, dat is Ferlosser neamd?

Antw. Om't Er ús fan al ús sûnden ferlost¹, en om't der by gjinien oars hokker behâld dan ek te sykjen of te finen is².

¹ Mt 1:21; Hebr 7:25. ² Jes 43:11; Joh 15:4, 5; Hann 4:11, 12; 1 Tim 2:5; 1 Joh 5:11, 12.

30

Fr. Leauwe hja dan wol oan 'e iennige Ferlosser Jezus, dy't har behâld en rêding by hilligen, by harsels, of oarsearne sykje?

Antw. Nee, mar mei de died fersaakje se de iennige Ferlosser Jezus, al jouwe se mei de mûle wol heech fan Him op¹.

Want ien fan beide: òf Jezus is gjin folslein Ferlosser, òf dy't dizze Ferlosser mei in wier leauwe oannimme, moatte alles yn Him fine dat hja foar harren behâld nedich hawwe².

¹ 1 Kor 1:13, 30, 31; Gal 5:4. ² Jes 9:6; Joh 1:16; Kol 1:19, 20; 2:10; Hebr 12:2; 1 Joh 1:7.

Snein 12

31

Fr. Wêrom wurdt Er Kristus, dat wol sizze 'Salvling', neamd?

Antw. Om't Er troch God de Heit oansteld is en mei de Hillige Geast salve¹ is ta ús heechste Profeet en Learaar, ta ús iennige Hegepryster en ta ús ivige Kening. As Profeet en Learaar hat Er ús de ferburgen ried en wil fan God oer ús ferlossing folslein iepenbiere².

As Hegepryster hat Er ús mei it iene offer fan syn lichem ferlost³ en giet Er by de Heit aloan foar ús yn 'e pleit⁴.

As Kening regearret Er ús mei syn Wurd en Geast en bewarret en behâldt Er ús by de ferlossing dy't Hy bewurke hat⁵.

¹ Ps 45:8; Jes 61:1; Luk 4:18; Hann 10:38; Hebr 1:9. ² Deut 18:15; Jes 55:4; Mt 11:27; Joh 1:18; 15:15; Hann 3:22. ³ Ps 110:4; Hebr 7:21; 9:12, 14, 28; 10:12, 14. ⁴ Rom 8:34; Hebr 7:25; 9:24; 1Joh 2:1. ⁵ Ps 2:6; Sach 9:9; Mt 21:5; 28:18; Luk 1:33; Joh 10:28; Iep 12:10, 11.

32

Fr. Mar wêrom wurdsto in kristen neamd¹?

Antw. Om't ik troch it leauwe in lidmaat fan Kristus bin en dêrtroch ek diel haw oan syn salving² om:

as profeet syn Namme te beliden³;

as pryster mysels as in libben tankoffer oan Him te wijen⁴;

en as kening yn dit libben mei in frij en goed gewisse tsjin de sûnde en de duvel te striden⁵, en nei dit libben yn ivichheid mei Him oer alle skepsels te regearjen⁶.

¹ Hann 11:26. ² Jes 59:21; Joël 2:28; Hann 2:17; 1Kor 6:15; 1Joh 2:27. ³ Mt 10:32, 33; Rom 10:10. ⁴ Ex 19:6; Rom 12:1; 1Petr 2:5; Iep 1:6; 5:8, 10. ⁵ Rom 6:12, 13; Gal 5:16, 17; Ef 6:11; 1Tim 1:18, 19; 1Petr 2:9, 11. ⁶ 2Tim 2:12; Iep 22:5.

Snein 13

33

Fr. Wêrom wurdt Kristus Gods lenlingssoan neamd, wylst wy dochs ek bern fan God binne?

Antw. Om't allinne Hy de ivige, natuerlike Soan fan God is¹. Us lykwols hat God om 'e wille fan Kristus út genede ta syn bern oannommen².

¹ Joh 1:14, 18; 3:16; Rom 8:32; Hebr 1:1, 2; 1Joh 4:9. ² Joh 1:12; Rom 8:15-17; Gal 4:6; Ef 1:5, 6.

34

Fr. Wêrom neamsto Him ús Hear?

Antw. Om't Er ús nei lichem en siel fan al ús sûnden, net mei goud of sulver, mar mei syn kostber bloed, frijkocht hat en ús fan alle hearskippij fan 'e duvel ferlost hat. Sadwaande hat Er ús syn eigendom makke¹.

¹ Joh 20:28; 1Kor 6:20; 7:23; Ef 1:7; 1Tim 2:6; 1Petr 1:18, 19; 2:9.

Snein 14

35

Fr. Wat beliidsto mei de wurden: Dy't ûntfongen is fan 'e Hillige Geast, berne út 'e faam Maria?

Antw. De ivige Soan fan God, dy't echt en ivich God is en bliuwt¹, hat troch de wurking fan 'e Hillige Geast út it fleis en bloed fan 'e faam Maria² de echte minsklike natuer oannommen³. Sa waard Er de wiere ôfstammeling fan David, syn bruorren yn alles gelyk, útsein de sûnde.

¹ Mt 1:23; 3:17; 16:16; 17:5; Mk 1:11; Joh 1:1; 17:3, 5; 20:28; Rom 1:3, 4; 9:5; Fil 2:6; Kol 1:15, 16; Tit 2:13; Hebr 1:3; 1Joh 5:20. ² Luk 1:31, 42, 43; Joh 1:14; Gal 4:4. ³ Mt 1:18, 20; Luk 1:35. ⁴ 2Sam 7:12; Ps 132:11; Mt 1:1; Luk 1:32; Hann 2:30, 31; Rom 1:3. ⁵ Fil 2:7; Hebr 2:14, 17; 4:15; 7:26, 27.

36

Fr. Hokker nut hasto fan 'e hillige ûntfangenis en berte fan Kristus?

Antw. Hy is ús middeler¹ en mei syn ûnskuld en folsleine hillichheid bedekt² Er myn sûnde, dê't ik yn ûntfongen en berne bin, foar Gods antlit.

¹ Hebr 2:16-18; 7:26, 27. ² Ps 32:1; Jes 53:11; Rom 8:3, 4; 1Kor 1:30, 31; Gal 4:4, 5; 1Petr 1:18, 19; 3:18.

Snein 14

37

Fr. Wat beliidsto asto seist: dy't lit hat?

Antw. Salang't Kristus hjir op ierde west hat, mar benammen yn it lêstoan fan syn libben, hat Er Gods grime tsjin de sûnde fan it hiele minsklike geslacht droegen¹. Sa hat Er mei syn lijen, as mei it iennichste soenoffer², ús lichem en siel fan it ivige oardiel ferlost³ en Gods genede, gerjochtichheid en it ivige libben foar ús wûn⁴.

¹ Jes 53:4, 12; 1Tim 2:6; 1Petr 2:24; 3:18. ² Jes 53:10; Rom 3:25; 1Kor 5:7; Ef 5:2; Hebr 9:28; 10:14; 1Joh 2:2; 4:10. ³ Gal 3:13; Kol 1:13; Hebr 9:12; 1Petr 1:18, 19. ⁴ Joh 3:16; 6:51; 2Kor 5:21; Hebr 9:15; 10:19.

38

Fr. Wêrom hat Er ûnder de rjochter Pontius Pilatus lit?

Antw. Kristus waard ûnder de wrâldske rjochter ûnskuldich feroardiele¹, om ús te befrijen fan it strange oardiel fan God, dat ús te wachtsjen stie².

¹ Mt 27:24; Luk 23:13-15; Joh 18:38; 19:4, 11. ² Jes 53:4, 5; 2Kor 5:21; Gal 3:13

39

Fr. Hâldt it ek wat mear yn, dat Kristus net op in oare wize ferstoarn is, mar dat Er krusige is?

Antw. Ja, want dê'troch bin ik wis, dat Er de flok dy't op my lei, op Him nommen hat¹, mei't de dea oan it krús fan God ferflokt wie².

¹ Gal 3:13. ² Deut 21:23.

Snein 16

40

Fr. Wêrom hat Kristus Him oant yn 'e dea fernederje moatten?

Antw. Fanwegen Gods gerjochtichheid en wierheid¹ koe net oars foar ús sûnden betelle wurde as troch de dea fan 'e Soan fan God².

¹ Gen 2:17. ² Rom 8:3, 4; Fil 2:8; Hebr 2:9, 14, 15.

41

Fr. Wêrom is Er begroeven?

Antw. Om dêrmei it klare bewiis te jaan, dat Hy wier ferstoarn wie¹.

¹ Mt 27:59, 60; Luk 23:53; Joh 19:40-42; Hann 13:29; 1Kor 15:3, 4.

10

42

Fr. No't Kristus foar ús stoarn is, wêrom moatte wy dan noch stjerre?

Antw. Us dea is gjin beteljen foar de sûnden¹, mar allinne in ôfstjerren fan 'e sûnden en in trochgong nei it ivige libben².

¹ Mk 8:37. ² Joh 5:24; Rom 7:24, 25; Fil 1:23.

43

Fr. Docht it offer en de dea fan Kristus oan it krús ús noch mear fertuten?

Antw. Troch syn krêft wurdt ús âlde minske mei Him krusige, deade en begroeven¹, sa dat de ferkearde begearten fan ús ferdoarn aard net mear yn ús regearje², mar dat wy ússels as in offer fan tankberens Him tawije³.

¹ Rom 6:6. ² Rom 6:8, 11, 12. ³ Rom 12:1.

44

Fr. Wêrom folget dêrnei: deltein yn 'e hel?

Antw. Yn de slimste oanstriid hâldt dizze treast my oerein, dat myn Hear Jezus Kristus my fan 'e helske benaudens en pine ferlost hat¹.

Hy hat dy ferlossing bewurke troch syn ûnsisbere benaudens, smerten en helske ferskrikkingen, dêr't Er syn hiele lijen troch, mar benammen oan it krús yn fersonken wie².

¹ Jes 53:5. ² Mt 26:38; 27:46; Hebr 5:7.

Snein 17

45

Fr. Wat hawwe wy oan 'e opstanning fan Kristus?

Antw. Earst: Hy hat troch syn opstanning de dea oerwûn, om ús de gerjochtichheid dy't Er troch syn dea foar ús wûn hie, jaan te kinnen¹.

Twad: wy wurde ek troch syn krêft no al opwekke ta in nij libben².

Tred: de opstanning fan Kristus is foar ús in wis pân fan ús opstanning yn hearlikheid³.

¹ Rom 4:25; 1Kor 15:16-18; 1Petr 1:3. ² Rom 6:4; Kol 3:1-3; Ef 2:4-6. ³ Rom 8:11; 1Kor 15:20-22.

Snein 18

46

Fr. Wat beliidsto mei de wurden: opfearn nei de himel?

Antw. Dat Kristus foar de eagen fan syn learlingen yn 'e himel opnommen¹ is en dat Er ús te'n goeden dêr is², oant Er weromkomt om de libbenen en de deaden te oardieljen³.

¹ Mk 16:19; Luk 24:51; Hann 1:9. ² Rom 8:34; Ef 4:10; Kol 3:1; Hebr 4:14; 7:24, 25; 9:24. ³ Mt 24:30; Hann 1:11.

47

Fr. Is Kristus dan net by ús oan 'e ein fan 'e tiden ta, lykas Er ús tasein hat¹?

Antw. Kristus is wier minske en wier God. Neffens syn minsklike natuer is Er net mear op ierde²; neffens syn godheid, majesteit, genede en Geast lykwols wykt Er nea en te ninter fan ús³.

¹ Mt 28:20. ² Mt 26:11; Joh 16:28; Joh 17:11; Hann 3:21; Hebr 8:4. ³ Mt 28:20; Joh 14:16-18; 16:13; Ef 4:8.

48

Fr. Mar wurde God en minske yn Kristus net faninoar skaat, as Er as minske net oaral is dêr't Er as God is?

Antw. Uterstee net. Want syn godheid kin troch neat ynsletten wurde en is rûnom bywêzich¹. Sadwaande is syn godheid wol bûten syn oannommen minsklike natuer², mar is ek yn har en bliuwt persoanlik dêrmei feriene.

¹ Jes 66:1; Jer 23:23, 24; Hann 7:49; 17:27, 28. ² Mt 28:6; Joh 3:13; 11:15; Kol 2:9.

49

Fr. Wat hawwe wy oan 'e himelfeart fan Kristus?

Antw. Earst, dat Er yn 'e himel foar ús opkomt by de Heit¹.

Twad, dat wy yn Him ús fleis yn 'e himel hawwe as in ûnderpân, dat Er as de Holle, ús, syn lea, ek ta Him nimme sil².

Tred, dat Hy fan syn kant ús syn Geast as pân stjoert³. Troch de krêft fan dy Geast sykje wy de dingen dy't boppe binne, dêr't Kristus sit oan Gods rjochterhân, en net de dingen dy't op 'e ierde binne⁴.

¹ Rom 8:34; 1Joh 2:1. ² Joh 14:2, 3; Joh 17:24; Ef 2:6. ³ Joh 14:16; 16:7; Hann 2:33; 2Kor 1:22; 5:5. ⁴ Fil 3:20; Kol 3:1.

Snein 19

50

Fr. Wêrom stiet dêrby: dy't no sit oan 'e rjochterhân fan God ?

Antw. Kristus is dêrom nei de himel fearn, om Himsels dêr as it Haad fan syn kristlike tsjerke¹ te betoanen, troch wa't de Heit alles regearret².

¹ Ef 1:20-23; Kol 1:18. ² Mt 28:18; Joh 5:22.

51

Fr. Wat hawwe wy no oan 'e hearlikheid fan ús Haad Kristus?

Antw. Earst: Hy jit troch syn Hillige Geast de himelske jeften yn ús, syn lidmaten, út¹. Twad: Hy beskermet en behoedet mei syn macht ús tsjin alle fijannen².

¹ Hann 2:33; Ef 4:8, 10-12. ² Ps 2:9; 110:1, 2; Joh 10:28; Ef 4:8; Iep 12:5.

52

Fr. Wat treast hasto der fan, dat Kristus weromkomt om de libbenen en de deaden te oardieljen?

Antw. Yn alle drôfenis en ferfolging ferwachtsje ik, mei de holle omheech, dyselde dy't Him fan tefoaren yn myn plak foar de rjochterstoel fan God steld hat en de flok folslein fan my ôfnommen hat¹.

As Rjochter út 'e himel sil Er syn en myn fijannen allegearre oan 'e ivige feroardieling oerjaan².

My lykwols sil Er mei alle útkarden ta Him nimme yn 'e himelske blydskip en hearlikheid³.

¹ Luk 21:28; Rom 8:23, 24; Fil 3:20; 1Tess 4:16; Tit 2:13. ² Mt 25:41-43; 2Tess 1:6, 8, 9. ³ Mt 25:34-36; 2Tess 1:7, 10.

GOD DE HILLIGE GEAST EN US HILLIGING

Snein 20

53

Fr. Wat leausto fan 'e Hillige Geast?

Antw. Foarst: Hy is tagelyk mei de Heit en de Soan echt en ivich God¹.

Twad: Hy is ek oan my jûn om my troch in wier leauwe diel te jaan oan Kristus² en al syn woldieden³, my te treasten⁴ en ivich by my te bliuwen⁵.

¹ Gen 1:2; Hann 5:3, 4; 1Kor 2:10; 3:16; 6:19. ² Mt 28:19; 2Kor 1:21, 22; Gal 3:14; 4:6; Ef 1:13. ³ Joh 16:14; 1Kor 2:12; 1Petr 1:2. ⁴ Joh 15:26; Hann 9:31. ⁵ Joh 14:16, 17; 1Petr 4:14.

Snein 21

54

Fr. Wat leausto fan 'e hillige, algemiene kristlike tsjerke?

Antw. Dat de Soan fan God¹ fan it oanbegjin fan 'e wrâld oant de ein² út it hiele minsklike geslacht³ Him in gemeente⁴, foar it ivige libben útkard⁵, byinoar bringt, beskermet en ûnderhâldt⁶. Hy docht dat troch syn Geast en Wurd⁷, yn ienheid fan it wiere leauwe⁸.

En ik leau dat ik fan dy gemeente in libben lid bin⁹ en ivich bliuwe sil¹⁰.

¹ Joh 10:11; Ef 4:11-13; 5:25, 26. ² Ps 71:17, 18; Jes 59:21; 1Kor 11:26. ³ Gen 26:4; Jes 49:6; Rom 10:12, 13; Iep 5:9. ⁴ Ps 111:1; Hann 20:28; Hebr 12:22, 23. ⁵ Rom 8:29, 30; Ef 1:10-14; 1Petr 2:9. ⁶ Ps 129:4, 5; Mt 16:18; Joh 10:16, 28. ⁷ Jes 59:21; Rom 1:16; 10:14-17; Ef 5:26. ⁸ Joh 17:21; Hann 2:42; Ef 4:3-6; 1Tim 3:15. ⁹ Rom 8:10; 1Joh 3:14, 19-21. ¹⁰ Ps 23:6; Joh 10:28; Rom 8:35-39; 1Kor 1:8,9; 1Petr 1:5; 1Joh 2:19.

55

Fr. Wat ferstiesto ûnder de mienskip fan 'e hilligen?

Antw. Earst, dat de leauwigen allegearre mei-inoar, en elk foar oar, as lidden mienskip hawwe oan 'e Hear Kristus en oan al syn skatten en jeften diel hawwe¹.

Twad, dat elk him ferplichte witte moat syn jeften willich en mei freugde te besteegjen foar it nut en it heil fan 'e oare lidmaten².

¹ Rom 8:32; 1Kor 6:17; 12:12, 13; 1Joh 1:3. ² 1Kor 12:21; 13:1-7; Fil 2:2-5.

56

Fr. Wat leausto fan 'e ferjouwing fan 'e sûnden?

Antw. Dat God gjin oantinken jaan wol oan al myn sûnden¹, ek myn sûndich aard², dêr't ik myn libben lang tsjin te striden haw, om't Kristus foar my foldien hat. Mar God skinkt my út genede de gerjochtichheid fan Kristus³, sadat ik nea troch God feroardiele wurd⁴.

¹ Ps 103:3, 10, 12; Jer 31:34; Mi 7:19; 2Kor 5:19. ² Rom 7:23-25. ³ 2Kor 5:21; 1Joh 1:7; 2:1, 2. ⁴ Joh 3:18; 5:24.

Snein 22

57

Fr. Wat treast jout dy de weropstanning fan it lichem?

Antw. Net allinne sil myn siel nei dit libben daliks nei Kristus, syn Haad, opnommen wurde¹, mar ek myn lichem sil, troch de krêft fan Kristus opwekke, wer mei myn siel feriene en oan it hearlik lichem fan Kristus lykfoarmich wurde².

¹ Luk 16:22; 20:37, 38; 23:43; Fil 1:21, 23; Iep 14:13. ² Job 19:25-27; 1Kor 15:53, 54; Fil 3:21; 1Joh 3:2.

58

Fr. Wat treast hasto fan it artikel oer it ivige libben?

Antw. Lykas ik no al it begjin fan 'e ivige freugde yn myn hert fernim¹, sil ik nei dit libben folslein hearlikheid besitte, dy't gjin each sjoen en gjin ear heard hat en yn gjin minskehert opkommen is; en dat om God dêryn ivich te priizjen².

¹ Joh 17:3; 2Kor 5:2, 3. ² Joh 17:24; 1Kor 2:9

DE RJOCHTFEARDIGING

Snein 23

59

Fr. Mar wat hast der no oan, datst dat allegearre leaust?

Antw. Dêrtroch bin ik yn Kristus foar God rjochtfearlich en in erfgenamt fan it ivige libben¹.

¹ Hab 2:4; Joh 3:36; Rom 1:17.

60

Fr. Hoe bisto rjochtfearlich foar God?

Antw. Allinne troch in wier leauwe yn Jezus Kristus¹.

Al mei it dan wêze dat myn gewisse my oanklaget dat ik tsjin al de geboaden fan God slim sûndige en net ien dêrfan hâlden haw en dat ik noch hieltyd nei alle kwea oerhingje², lykwols skinkt God my, sûnder hokker fertsjinste ek mar fan mysels, suver en allinne út genede³, de folsleine foldwaning, gerjochtichheid en hillichheid fan Kristus⁴. Hy rekkenet my dy ta⁵, as hie ik sels nea gjin sûnde hân of dien, ja, as hie ik sels alle hearrichheid folbrocht dy't Kristus foar my folbrocht hat⁶, al least as ik dizze woldied mei in leauwich herte oannim⁷.

¹ Rom 3:21-26; 5:1, 2; Gal 2:16; Ef 2:8, 9; Fil 3:9. ² Rom 3:9; 7:23. ³ Deut 9:6; Ezech 36:22; Rom 3:24; 7:23-25; Ef 2:8; Tit 3:5. ⁴ 1Joh 2:1, 2. ⁵ Rom 4:4-8; 2Kor 5:19. ⁶ 2Kor 5:21. ⁷ Joh 3:18; Rom 3:22.

61

Fr. Wêrom seisto, datst allinne troch it leauwe rjochtfearlich bist?

Antw. Net dat ik fanwegen de weardichheid fan myn leauwe God oanstean. Mar allinne de foldwaning, gerjochtichheid en hillichheid fan Kristus binne myn gerjochtichheid foar God¹.

En dy kin ik net oars as troch it leauwe oannimme en my taeigenje².

¹ 1Kor 1:30; 2:2. ² 1Joh 5:10.

Snein 24

62

Fr. Mar wêrom kinne ús goede deden de gerjochtichheid foar God, of in part dêrfan, net útmeitsje?

Antw. De gerjochtichheid, dy't him foar Gods rjocht steande hâlde kin, moat alhiel folslein en oer alle boegen mei de wet fan God yn oerienstimming wêze¹. Ek ús bêste deden yn dit libben binne lykwols allegearre ûnfolslein en mei sûnden besmodze².

¹ Deut 27:26; Gal 3:10. ² Jes 64:6.

63

Fr. Mar hawwe ús goede dieden dan gjin fertsjinst? God wol se dochs yn dit en yn it takommende libben leanje?

Antw. Dat is gjin beleaning út fertsjinste, mar út genede¹.

¹ Luk 17:10.

64

Fr. Mar makket dy lear dan gjin soargeleaze en goddeleaze minsken?

Antw. Nee; want it kin net oars as elk, dy't troch in wier leauwe yn Kristus inte is, bringt fruchten fan tankberens fuort¹.

¹ Mt 7:18; Joh 15:5.

WURD EN SAKRAMINTEN

Snein 25

65

Fr. Mei't dus allinne it leauwe ús diel jout oan Kristus en al syn woldieden, wêr komt dat leauwe wei?

Antw. Fan de Hillige Geast¹, dy't it leauwe yn ús herten wurket troch de ferkundiging fan it hillich evangeelje² en fersterket troch it brûken fan 'e sakraminten³.

¹ Joh 3:5; 1Kor 2:12; 12:3; Ef 1:17, 18; 2:8; Fil 1:29. ² Hann 16:14; Rom 10:17; 1Petr 1:23. ³ Mt 28:19.

66

Fr. Wat binne sakraminten?

Antw. Sakraminten binne hillige, sichtbere tekens en segels dy't troch God ynsteld binne. Troch it brûken dêrfan wol Er ús de belofte fan it evangeelje nammerste better begripe litte en fersegelje. Dy belofte hâldt yn, dat Er ús op grûn fan it iennige offer fan Kristus, oan it krús folbrocht, ferjouwing fan sûnden en it ivige libben út genede skinkt¹.

¹ Gen 17:11; Lev 6:25; Deut 30:6; Jes 6:6, 7; 54:9; Ezech 20:12; Rom 4:11; Hebr 9:7, 9; 9:24.

67

Fr. Hawwe dan it Wurd en de sakraminten beide ta doel ús leauwe derop te wizen dat it offer fan Jezus Kristus, oan it krús folbrocht, de iennichste grûn fan ús ferlossing is¹?

Antw. Jawis; want de Hillige Geast leart ús yn it evangeelje en makket ús troch de sakraminten wis, dat ús folsleine ferlossing leit yn it iennige offer fan Kristus, dat foar ús oan it krús folbrocht is.

¹ Rom 6:3; Gal 3:27.

68

Fr. Hoefolle sakraminten hat Kristus yn it nije ferbûn ynsteld?

Antw. Twa: de hillige doop en it hillich nachtmiel.

DE HILLIGE DOOP

Snein 26

69

Fr. Hoe wurdsto yn 'e hillige doop ûnderrjochte en bewisse dat it iennige offer fan Kristus oan it krús dy te'n goede komt?

Antw. Kristus hat it wetterbad fan 'e doop ynsteld¹ en dêrby ûnthjitten dat ik mei syn bloed en Geast fan 'e ûnreinens fan myn siel, dat is fan al myn sûnden, wosken bin². Dat is like wis as wannear't ik wosken bin mei it wetter, dat de smoargens fan it lichem weinimt.

¹ Mt 28:19. ² Mt 3:11; Mk 1:4; 16:16; Luk 3:3; Joh 1:33; Hann 2:38; Rom 6:3, 4; 1Petr 3:21.

70

Fr. Wat wol dat sizze: mei it bloed en de Geast fan Kristus wosken te wêzen?

Antw. It is, dat wy fan God út genede ferjouwing fan sûnden hawwe, om it bloed fan Kristus, dat Er yn syn offer oan it krús foar ús fergetten hat¹.

Fierders ek, dat wy troch de Hillige Geast fernijd en ta lidmaten fan Kristus hillige binne, om wat langer wat mear de sûnde ôf te stjerren en godfreesjend en treftich te libjen².

¹ Ezech 36:25; Sach 13:1; Hebr 12:24; 1Petr 1:2; Iep 1:5; 7:14. ² Ezech 36:26, 27; Joh 1:33; 3:5; Rom 6:4; 1Kor 6:11; 12:13; Kol 2:11, 12.

71

Fr. Wêr hat Kristus ús tasein, dat Er ús sa wis mei syn bloed en Geast waskje wol, as wy mei it doopwetter wosken wurde?

Antw. Yn 'e ynstelling fan 'e doop, mei dizze wurden:

Gean der dus op út en meitsje alle folken learlingen fan My, doop harren yn 'e namme fan de Heit en fan de Soan en fan de Hillige Geast, en lear harren alles nei te kommen, wat Ik jimme oplein haw. (Mattéus 28: 19-20a)

En: Wa't leaut en doopt is, sil behâlden wurde, mar dy't net leaut, sil feroardiele wurde. (Markus 16: 16).

Dy belofte wurdt dêr ek neamd, dêr't de Skrift de doop it bad fan 'e werberte en it ôfwaskjen fan 'e sûnden neamt. (Titus 3: 5; Hanlingen 22: 16).

Snein 27

72

Fr. Is dan it wetterbad fan 'e doop it eigentlike ôfwaskjen fan 'e sûnden?

Antw. Nee¹; want allinne it bloed fan Jezus Kristus en de Hillige Geast reinigje ús fan alle sûnden².

¹ Mt 3:11; Ef 5:26; 1Petr 3:21. ² 1Kor 6:11; 1Joh 1:7.

73

Fr. Wêrom neamt de Hillige Geast de Doop dan it bad fan 'e werberte en it ôfwaskjen fan 'e sûnden?

Antw. God seit soks net sûnder in wichtige reden.

Hy wol ús dêr net allinne mei leare, dat ús sûnden troch it bloed en de Geast fan Jezus Kristus weinommen wurde, lykas it wetter de smoargens fan it lichem weinimt¹.

Mar benammen wol Er troch dit godlik pân en teken ús der fan fersekerje dat wy like wis geastlik fan ús sûnden wosken binne, as wy útwindich mei it wetter wosken wurde².

¹ 1Kor 6:11; Iep 1:5; Iep 7:14. ² Mk 16:16; Gal 3:27.

74

Fr. Moatte de lytse bern ek doopt wurde?

Antw. Ja, want de bern hearre likegoed as de folwoeksenen by it ferbûn fan God en by syn gemeente¹. En harren is, krektlyk as de folwoeksenen, de ferlossing fan 'e sûnden troch it bloed fan Kristus en de Hillige Geast, de bewurker fan it leauwe, tasein².

Dat dêrom moatte hja ek troch de doop, it teken fan it ferbûn, yn 'e kristlike tsjerke ynlive en fan 'e bern fan 'e ûnleauwigen ûnderskaat wurde³. Dat waard yn it âlde ferbûn troch de besnijen dien⁴. Yn it nije ferbûn is dêrfoar de doop yn it plak kommen⁵.

¹ Gen 17:7. ² Ps 22:11; Jes 44:1-3; Mt 19:14; Hann 2:39. ³ Hann 10:47. ⁴ Gen 17:14. ⁵ Kol 2:11, 12.

IT HILLICH NACHTMIEL

Snein 28

75

Fr. Hoe wurdsto yn it hillich nachtmiel ûnderrjochte en bewisse datsto mienskip hast oan it iennige offer fan Kristus oan it krús en oan al syn skatten?

Antw. Kristus hat my en alle leauwigen oplein fan dit brutsen brea te iten en út dizze drinkbeker te drinken ta syn oantinken.

Dêrby hat Er ûnthjitten:

Earst: syn lichem is like wis foar my oan it krús offere en syn bloed foar my fergetten, as ik mei myn eagen sjoch, dat it brea fan 'e Hear foar my brutsen wurdt en de drinkbeker my jûn wurdt.

Twad: Hy jout sels myn siel te iten en te drinken foar it ivige libben mei syn krusige lichem en fergetten bloed. Dit is like wis as ik it brea en de wyn as betroubere tekens fan Kristus' lichem en bloed út 'e hân fan 'e tsjinner ûntfang en mei de mûle genietsje¹.

¹ Mt 26:26-28; Mk 14:22-24; Luk 22:19, 20; 1Kor 10:16, 17; 11:23-25.

76

Fr. Wat betsjut: it krusige lichem fan Kristus ite en syn fergetten bloed drinke?

Antw. Dat wy mei in leauwich herte it hiele lijen en stjerren fan Kristus oannimme en dêrtroch ferjouwing fan sûnden en it ivige libben krije¹.

Fierders, dat wy troch de Hillige Geast, dy't sawol yn Kristus as yn ús wennet, wat langer wat mear mei syn hillich lichem sa feriene wurde², dat wy, al mei Kristus dan yn 'e himel wêze³ en wy op 'e ierde, lykwols fleis fan syn fleis en bien fan syn biente binne⁴. En dat wy, lykas de lidden fan it lichem troch ien siel⁵, troch ien Geast ivich libje en regearre wurde.

¹ Joh 6:35, 40, 47-54. ² Joh 6:55, 56. ³ Hann 1:9, 11; 3:21; 1Kor 11:26; Kol 3:1. ⁴ Joh 14:23; 1Kor 6:15, 17, 19; Ef 3:16, 17; 5:29, 30; 1Joh 3:24; 4:13. ⁵ Joh 6:57; 15:1-6; Ef 4:15, 16.

77

Fr. Wêr hat Kristus ús tasein dat Er de leauwigen like wis sa mei syn lichem en bloed te iten en te drinken jaan wol, as se fan dit brutsen brea ite en út dizze drinkbeker drinke?

Antw. Yn de ynstelling fan it Nachtmiel, dy't sa is¹:

De Hear Jezus naam yn 'e nacht, dat er oerlevere waard, brea; en nei't Er tanke hie, breek Er it brea en sei: Dit is myn lichem foar jimme. Doch dat ta in oantinken oan My. Allyksa naam Er ek de beker, nei it iten en sei: Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed. Doch dat, sa faak jimme derút drinke, ta in oantinken oan My. Want elke kear, dat jimme fan dit brea ite en út 'e beker drinke, ferkundigje jimme de dea fan de Hear, oant Er komt. (1 Kor 11: 23-26).

Dy tasizzing wurdt nochris oanhelle troch de apostel Paulus, as er seit:

De beker fan 'e tanksizzing, dêr't wy de tanksizzing oer útsprekke, is dat net in mienskip mei it bloed fan Kristus? It brea, dat wy brekke, is dat net in mienskip mei it lichem fan Kristus? Om't it ien brea is binne wy, hoe machtich ek, ien lichem, want allegearre hawwe wy diel oan it iene brea. (1 Kor 10: 16-17).

¹ Mt 26:26-28; Mk 14:22-24; Luk 22:19, 20.

Snein 29

78

Fr. Wurde dan it brea en de wyn feroare yn it eigen lichem en bloed fan Kristus?

Antw. Nee¹, it is by it nachtmiel krekt sa as by de doop.

By de doop wurdt it wetter net yn it bloed fan Kristus feroare en de doop wasket likemin de sûnden sels ôf; it is dêr allinne in godlik teken en boarch fan².

Sa wurdt it brea by it nachtmiel ek net feroare yn it eigen lichem fan Kristus³. Mar it brea wurdt it lichem fan Kristus neamd neffens it aard fan 'e sakraminten en hoe't de Hillige Geast dêroer sprekt⁴.

¹ Mt 26:29. ² Ef 5:26; Tit 3:5. ³ 1Kor 10:16; 11:26. ⁴ Gen 17:10, 11; Ex 12:11, 13; 12:26, 27; 13:9; 24:8; Hann 22:16; 1Kor 10:1-4; 1Petr 3:21.

79

Fr. Wêrom neamt Kristus dan it brea syn lichem en de drinkbeker syn bloed, en sprekt Paulus fan 'e mienskip oan it lichem en bloed fan Kristus?

Antw. Kristus seit dat net sûnder in wichtige reden.

Hy wol ús nammentlik dêrmei leare, dat krek sa't brea en wyn dit tydlik libben ûnderhâlde¹, syn krusige lichem en fergetten bloed it wiere iten en drinken foar it ivige libben binne.

Mar helte mear wol Er ús troch dizze sichtbere tekens en segels wis meitsje dat wy troch de wurking fan 'e Hillige Geast like fêst diel hawwe oan syn wier lichem en bloed, as wy dizze hillige tekens mei de lichaamlike mûle ta syn oantinken ta ús nimme².

Fierders, dat al syn lijen en hearrigens like wis uzes binne, as hienen wysels alles lit en God foar al ús sûnden betelle.

¹ Joh 6:51, 53-55. ² 1Kor 10:16.

Snein 30

80

Fr. Hokker ûnderskied is der tusken it nachtmiel fan 'e Hear en de pauslike mis?

Antw. It nachtmiel fan 'e Hear betsjûget ús:

Yn it foarste plak, dat wy folsleine ferjouwing fan al ús sûnden hawwe troch it iennige offer fan Jezus Kristus, dat Hysels ienris oan it krús folbrocht hat¹;

En yn it twadde plak, dat wy troch de Hillige Geast ynlive² wurde yn Kristus, dy't no nei syn minsklike natuer net op 'e ierde, mar yn 'e himel is oan 'e rjochterhân fan God, syn Heit³, en dy't dêr troch ús oanbidden wurde wol⁴.

De mis lykwols leart:

Yn it foarste plak, dat de libbenen en de deaden troch it lijen fan Kristus gjin ferjouwing fan sûnden hawwe, as Kristus net alle dagen noch troch de misprysters foar harren offere wurdt;

Yn it twadde plak leart de mis dat Kristus yn 'e foarm fan brea en wyn lichaamlik bywêzich is en dêrom yn dat stal ek oanbidden wurde moat.

En dus is de mis yn 'e grûn fan 'e saak oars net as it ferleagenjen fan it iennige offer en it lijen fan Jezus Kristus en in ferflokke ôfgoaderij⁵.

¹ Mt 26:28; Luk 22:19, 20; Joh 19:30; Hebr 7:26, 27; 9:12, 25-28; 10:10, 12, 14. ² 1Kor 6:17; 10:16, 17. ³ Joh 20:17; Kol 3:1; Hebr 1:3; 8:1, 2. ⁴ Hann 7:55, 56; Fil 3:20; Kol 3:1; 1Tess 1:10. ⁵ Hebr 9:26; 10:12, 14.

81

Fr. Foar wa is it nachtmiel fan 'e Hear ynsteld?

Antw. Foar harren, dy't fanwegen har sûnden it mier oan harsels hawwe en lykwols fertrouwe dat dy harren om Kristus' wil ferjûn binne en dat ek de swakkens dy't oerbliuwt, troch syn lijen en stjerren bedutsen is. Dy't ek begeare wat langer wat mear har leauwe oan te sterkjen en har libben te betterjen. De skynhilligen lykwols en hja dy't har net mei in oprjocht hert ta God bekeare, ite en drinke harsels in oardiel¹.

¹ 1Kor 10:19-22; 11:28, 29.

82

Fr. Moatte sokken ek ta dit Nachtmiel talitten wurde, dy't har yn har belidenis en libben as ûnleauwige en goddeleaze minsken kenne litte?

Antw. Nee, want op dy wize wurdt it ferbûn fan God ûnthillige en syn grime oer de hiele gemeente geande makke².

Dêrom hat de kristlike tsjerke de plicht neffens it foarskrift fan Kristus en syn apostels, alle minsken dy't harren as ûnleauwigen en goddeleazen kenne litte, troch de kaaien fan it himelryk bûten te sluten, oant se har libben betterje.

¹ Ps 50:16; Jes 1:11-15; 66:3; Jer 7:21-23; 1Kor 11:20, 34.

Snein 31

83

Fr. Wat binne de kaaien fan it himelryk?

Antw. De ferkundiging fan it hillich Evangeelje en de tsjerklike tucht. Dêrtroch wurdt it himelryk foar de leauwigen iependien en foar de ûnleauwigen sletten¹.

¹ Mt 16:18, 19; 18:15-18.

84.

Fr. Hoe iepenet en slút de ferkundiging fan it hillich evangeelje it himelryk?

Antw. Oan de iene kant wurdt, neffens it befel fan Kristus, oan 'e leauwigen allegearre mei-inoar en elk foar oar persoanlik yn it iepenbier ferkundige en oansein dat harren al har sûnden troch God, op grûn fan Kristus' fertsjinste, wis ferjûn binne, sa faak as se de belofte fan it evangeelje mei in wier leauwe oannimme. Oan de oare kant wurdt oan alle ûnleauwigen en skynhilligen ferkundige en oansein dat de grime fan God en de ivige feroardieling op har leit, salang't se har net bekeare¹.

Neffens dat tsjûgenis fan it Evangeelje sil God oardielje, sawol yn dit as yn it takommende libben.

¹ Mt 16:19; Joh 20:21-23.

85

Fr. Hoe iepenet en slút de tsjerklike tucht it himelryk?

Antw. Sa: neffens it befele fan Kristus wurde hja, dy't, hoewol't se yn namme kristen binne, har yn lear en libben ûnkristlik hâlde en drage, earst ytlike kearen as bruorren of susters fermoanne.

As se yn harren dwalingen en skandlik libben bliuwe, wurde se by de gemeente of by harren dy't troch de gemeente dêrta steld binne, oanbrocht.

As se har oan 'e fermoanning fan dyselden ek net steure, wurde se troch it ôfhâlden fan 'e sakraminten bûten de kristlike gemeente, en troch God sels bûten it ryk fan Kristus sletten.

Hja wurde lykwols wer ta lidmaten fan Kristus en syn gemeente oannommen, as se ûnthjitte en bewize dat se har libben betterje¹.

¹ Mt 18:15-18; 1Kor 5:3-5, 11; 2Kor 2:6-8; 2Tess 3:14, 15; 1Tim 5:17; 2Joh 1:10, 11.

IT TREDDE DIELE

Us tankberens

Snein 32

86

Fr. Mei't wy sûnder iennige fertsjinste fan ússels, allinne út genede, troch Kristus út ús ellinde ferlost binne, wêrom moatte wy dan noch goede dieden dwaan?

Antw. Om't Kristus ús net allinne mei syn bloed kocht en frijmakke hat, mar ús ek troch syn Hillige Geast ta syn evenbyld fernijt, sadat wy mei ús hiele libben bewize soenen, dat wy God tankber binne foar syn woldieden¹ en dat Hy troch ús prize wurde soe².

Fierders ek, dat elk by himsels út 'e fruchten wis wêze mei fan syn leauwe³, en dat troch ús fromme libbenswannel ús neisten ek foar Kristus wûn wurde meie⁴.

¹ Rom 6:13; 12:1, 2; 1Kor 6:20; 1Petr 2:5, 9. ² Mt 5:16; 1Petr 2:12. ³ Mt 7:17, 18; Gal 5:6, 22; 2Petr 1:10. ⁴ Mt 5:16; Rom 14:18, 19; 1Petr 3:1, 2.

87

Fr. Kinne sokken dan rêden wurde, dy't yn har goddeleas en ûntankber libben mar fuortlibje en har net ta God bekeare?

Antw. Yn gjin gefal, want de Skrift seit, dat in ûnseedlikenien, ôfgodstsjinner, troubrekker, dief, ynklauwer, sûplap, lasterder, oplichter, of soksoarte folk, it Keninkryk fan God net beërvje sil¹.

¹ 1Kor 6:9, 10; Ef 5:5, 6; 1Joh 3:14, 15.

Snein 33

88

Fr. Wêrút bestiet de wiere bekearing fan 'e minske?

Antw. Ut it ôfstjerren fan 'e âlde minske en it opstean fan 'e nije minske¹.

¹ Rom 6:4-6; 1Kor 5:7; 2Kor 7:10; Ef 4:22-24; Kol 3:5-10.

89

Fr. Wat is it ôfstjerren fan 'e âlde minske?

Antw. Dat it ús ynmoedich leed docht, dat wy God troch ús sûnden fergrime hawwe. En dat wy dy sûnden wat langer wat mear haatsje en ûntflechtsje¹.

¹ Joël 2:13; Rom 8:13.

90

Fr. Wat is it opstean fan 'e nije minske?

Antw. In hertlike blydskip yn God troch Kristus¹ en nocht en leafde om neffens de wil fan God yn alle goede dieden te libjen².

¹ Jes 57:15; Rom 5:1, 2; 14:17. ² Rom 6:10, 11; Gal 2:19, 20.

91

Fr. Mar wat binne goede dieden?

Antw. Allinne sokke, dy't út in wier leauwe¹ dien wurde, neffens de wet fan God², ta Syn eare³. En net dy't op ús goetinken of op ynsettings fan minsken grûne binne⁴.

¹ Rom 14:23. ² Lev 18:4; 1Sam 15:22; Ef 2:10. ³ 1Kor 10:31. ⁴ Jes 29:13, 14; Ezech 20:18, 19; Mt 15:7-9.

DE WET

Snein 34

92

Fr. Wat stiet yn 'e Wet fan 'e Hear?

Antw. God sei al dizze wurden, Exodus 20: 2-17, Deuteronomium 5: 6-21:

Ik bin de Heare, dyn God, dy't dy út Egypte, it slavehûs, weihelle hat.

It earste gebod

Do meist gjin oare goaden foar myn eagen hawwe.

It twadde gebod

Do meist dy gjin byld meitsje, gjin inkelde ôfbylding fan wat boppe yn 'e loft is, of ûnder op 'e ierde, of yn it wetter ûnder de ierde. Do meist dy der net foar bûge, noch har tsjinje, want Ik, de Heare, dyn God, bin in oergeunstich God, dy't de ûngerjochtichheid fan 'e heiten op 'e bern ferhellet, oan it tredde en fjirde geslacht ta fan harren dy't My haatsje, mar dy't geunst bewiist oan it tûzenste geslacht fan dy't My leafhawwe en myn geoaden ûnderhâlde.

It tredde gebod

Do meist de Namme fan de Heare, dyn God, net misbrûke, want de Heare lit net frij-út gean, wa't syn Namme misbrûkt.

It fjirde gebod

Tink om 'e sabbatdei, en hâld dy hillich. Seis dagen silst arbeidzje en al dyn wurk dwaan. De sânde dei lykwols is in sabbat foar de Heare, dyn God. Do meist dan hielendal gjin wurk dwaan, do net, dyn soan of dochter net, noch dyn slaaf of slavinne, noch dyn fee, noch de frjemdling by dy yn 'e poarte. Want yn seis dagen hat de Heare de himel en de ierde makke, de see en alles dat dêryn is en Hy rêste de sande deis. Dêrom hat de Heare de sabbatdei segene en dy hillige.

It fyfde gebod

Earje dyn heit en mem, datst lang libje meist yn it lân dat de Heare, dyn God, dy jout.

It sechste gebod

Do meist net deaslaan.

It sânde gebod

Do meist net troubrekke.

It achtste gebod

Do meist net stelle.

It njoggende gebod

Do meist gjin falske ferklearring ôflizze oer dyn neiste.

It tsiende gebod

Do meist dyn neiste syn hûs net begeare; do meist dyn neiste syn frou net begeare, noch syn slaaf of slavinne, noch syn okse of ezel of wat ek mar dyn neiste sines is.

93

Fr. Hoe wurde dy tsien geboaden yndield?

Antw. Yn twa platen¹.

De earste dêrfan leart ús, hoe't wy ús foar God oer hâlde en drage moatte. De oare, wat wy ús neiste skuldich binne².

¹ Ex 31:18; Deut 4:13; 10:3, 4. ² Mt 22:37-40.

94

Fr. Wat hjit God ús yn it earste gebod?

Antw. Yn it foarste plak, dat ik, as myn rêding my leaf is, alle ôfgoaderij¹, tsoenderij, wiersizzerij, byleauwe², it oanroppen fan 'e hilligen of oare skepsels³ mij en ûntflechtsje.

Fierders, dat ik de iennich wiere God rjocht kennen lear⁴, Him allinne fertrou⁵, my dimmen⁶ en geduldich allinne oan Him ûnderwerp⁷, alle goede dingen allinne fan Him ferwachtsje⁸, Him mei myn hiele hert leafhaw⁹, ûntsach foar Him haw¹⁰ en Him earje¹¹, sa, dat ik earder fan alle skepsels ôfstân doch en dy rinne lit, as dat ik, yn it minste ek, wat tsjin syn wil doch¹².

¹ 1Kor 6:10; 10:7, 14; 1Joh 5:21. ² Lev 19:31; Deut 18:9-12. ³ Mt 4:10; Iep 19:10; 22:8, 9. ⁴ Joh 17:3. ⁵ Jer 17:5, 7. ⁶ 1Petr 5:5. ⁷ Rom 5:3-5; 1Kor 10:10; Fil 2:14; Kol 1:11; Hebr 10:36. ⁸ Ps 104:27-30; Jes 45:7; Jak 1:17. ⁹ Deut 6:5; Mt 22:37, 38. ¹⁰ Deut 6:2; Ps 111:10; Spr 1:7; 9:10; Mt 10:28. ¹¹ Deut 10:20; Mt 4:10. ¹² Mt 5:29, 30; 10:37-39; Hann 5:29.

95

Fr. Wat is ôfgoaderij?

Antw. Ofgoaderij is ynstee fan 'e iennich wiere God, dy't Him yn syn Wurd iepenbiere hat, of njonken Him, wat oars optinke of hawwe, dêr't de minske syn betrouwen op set¹.

¹ 1Kron 16:26; Jes 44:16, 17; Joh 5:23; Gal 4:8; Ef 2:12; 5:5; Fil 3:19; 1Joh 2:23; 2Joh :9.

Snein 35

96

Fr. Wat easket God yn it twadde gebod?

Antw. Dat wy God, op hokker wize ek, net ôfbyldje¹ en op gjin oare wize ferearje as Er yn syn Wurd hjitten hat².

¹ Deut 4:15, 16; Jes 40:18, 19, 25; Hann 17:29; Rom 1:23-25. ² Deut 12:30-32; 1Sam 15:23; Mt 15:9.

97

Fr. Meie dan hielendal gjin bylden makke wurde?

Antw. God kin en mei op gjin inkelde wize ôfbylde wurde. Skepsels lykwols meie wol ôfbylde wurde, mar God ferbiedt sa'n ôfbylding te meitsjen en te hawwen om dy te ferearjen of God dêrtroch te tsjinjen¹.

¹ Ex 34:13, 14, 17; Deut 12:3, 4; 16:22; 2Sam 18:4; Jes 40:25.

98

Fr. Mar kinne de bylden yn 'e tsjerken net as 'boeken fan 'e leken' tastien wurde?

Antw. Nee, want wy moatte net wizer wêze as God, dy't hawwe wol dat syn kristenen net troch stomme bylden¹, mar troch de libbene ferkundiging fan syn Wurd ûnderrjochte wurde².

¹ Jer 10:5, 8; Hab 2:18, 19. ² Rom 10:14-17; 2Tim 3:16, 17; 2Petr 1:19.

Snein 36

99

Fr. Wat easket God yn it tredde gebod?

Antw. Dat wy Gods Namme net mei flokken¹ of mei in falske eed lasterje² of misbrûke, en allikemin mei ûnnedich swarren³.

24

En ek dat wy troch ús stil te hâlden en ta te sjen, ússels net mei skuldich meitsje oan sokke grouwélige sûnden⁴.

Koartsein, dat wy de hillige Namme fan God oars net as mei earbied en ûntsach brûke⁵, sadat Hy troch ús nei wierheid beliden⁶, oanroppen⁷ en yn al ús sizzen en dwaan prize wurdt⁸.

¹ Lev 24:15, 16. ² Lev 19:12. ³ Mt 5:37; Jak 5:12. ⁴ Lev 5:1; Spr 29:24. ⁵ Jes 45:23; Jer 4:2. ⁶ Mt 10:32; Rom 10:9, 10. ⁷ Ps 50:15; 1Tim 2:8. ⁸ Rom 2:24; Kol 3:17; 1Tim 6:1.

100

Fr. Is it dan sa'n grutte sûnde, Gods Namme mei swarren en flokken te lasterjen, dat Gods grime harren ek rekket dy't net, safolle as yn har fermogen is, it flokken en swarren helpe te kearen en te ferbieden?

Antw. Jawis, want gjin sûnde is grutter en fergrimet God mear as it lasterjen fan syn Namme. Dêrom hat Er ek befele jûn dy sûnde mei de dea te straffen¹.

¹ Lev 24:16; Ef 5:11.

Snein 37

101

Fr. Mar meie wy ek godfreezjend by de Namme fan God swarre?

Antw. Ja, as de oerheid it fan har ûnderdienen freget of as de need it opleit om dêrtroch trou en wierheid te befêstigjen, ta Gods eare en foar it heil fan 'e neiste. Sok swarren is grûne yn Gods Wurd¹ en dêrom hawwe de hilligen yn it âlde en nije ferbûn de eed ek mei rjocht en reden brûkt².

¹ Deut 6:13; 10:20; Hebr 6:16. ² Gen 21:24; 31:53; 1Sam 24:22, 23; 1Sam 1:29, 30; Rom 1:9; 9:1; 2Kor 1:23.

102

Fr. Meie wy ek swarre by de hilligen of by oare skepsels?

Antw. Nee, want goed swarre is God oanroppe, dat Hy, dy't allinne it hert ken, de wierheid befêstigje wol, en my straffe mei as ik falsk swar¹. Sa'n eare komt oan gjin skepsel ta².

¹ Rom 9:1; 2Kor 1:23. ² Mt 5:34-36; Jak 5:12.

Snein 38

103

Fr. Wat hjit God yn it fjirde gebod?

Antw. Earst, dat de tsjerketsjinst en de skoallen¹ ûnderhâlden wurde, en dat ik, benammen op 'e sabbat, dat is de rêstdei, trou nei Gods gemeente gean² om Gods Wurd te hearren³, de sakraminten te brûken⁴, God de Hear yn it iepenbier oan te roppen⁵, en de earmen kristlike barmhertigens te bewizen⁶.

Twad, dat ik alle dagen fan myn libben my fan kweadwaan ûnthâld, de Hear troch syn Geast yn my wurkje lit en ik sadwaande yn dit libben al mei de ivige sabbat begjin⁷.

¹ 1Kor 9:13, 14; 1Tim 3:15; 2Tim 2:2; 3:14, 15; Tit 1:5. ² Lev 23:3; Ps 40:10, 11; Ps 122:1; Hann 2:42, 46. ³ 1Kor 14:1, 3; 1Tim 4:13; Iep 1:3. ⁴ Hann 20:7; 1Kor 11:23. ⁵ 1Kor 14:16; 1Tim 2:1-4. ⁶ Deut 15:11; 1Kor 16:1, 2; 1Tim 5:16. ⁷ Hebr 4:9, 10.

Snein 39

104

Fr. Wat easket God yn it fyfte gebod?

Antw. Dat ik ús heit en mem en allegearre dy't oer my set binne, alle eare, leafde en trou bewiizje, my ûnder har goede lear en tucht hearrich del jou¹ en boppedat mei har lek en brek geduld haw², mei't God ús troch har hân regearje wol³.

¹ Ex 21:17; Spr 1:8; 4:1; Rom 13:1; Ef 5:22; 6:1, 2, 5; Kol 3:18, 20, 22. ² Spr 23:22; 1Petr 2:18. ³ Mt 22:21; Rom 13:2, 4; Ef 6:4; Kol 3:20.

Snein 40

105

Fr. Wat easket God yn it sechste gebod?

Antw. Dat ik myn neiste net leechlis, haatsje, kring of deadzje¹. Dat mei ik net dwaan yn gedachten, mei wurden of gebearten en helte minder mei de died, ek net troch oaren. Mar ik moat alle wraaksuchtigens fan my ôfsette².

Ik mei mysels ek gjin letsel tabringe, en ik mei my likemin willemoeds yn gefaar bejaan³. Dêrom draacht de oerheid it swurd om de deaslach te kearen⁴.

¹ Gen 9:6; Mt 5:21, 22; 26:52. ² Mt 5:25; 18:35; Rom 12:19; Ef 4:26. ³ Mt 4:7; Kol 2:23. ⁴ Gen 9:6; Ex 21:14; Rom 13:4.

106

Fr. Mar giet it yn dit gebod allinne mar oer it deaslaan?

Antw. Nee, mei't God de deaslach ferbiedt, leart Er ús ek, dat Er de woartel fan 'e deaslach, te witten niid¹, haat², grime³ en wraaksuchtigens, hatet en soks allegearre as deaslach rekkenet⁴.

¹ Ps 37:8; Spr 14:30; Rom 1:29. ² 1Joh 2:9-11. ³ Jak 1:20; Gal 5:19-21. ⁴ 1Joh 3:15.

107

Fr. Mar kin it dêrmei ta, dat wy lykas niis sein is, ús neiste net deadzje?

Antw. Nee, want no't God niid, haat en grime ferbiedt, hjit Er dêrmei dat wy ús neiste leafhawwe as ússels¹ en geduldich, yn frede, sêftmoedich, barmhertich en freonlik² mei him omgeane, en dat wy syn skea, safolle as yn ús fermogen leit, foarkomme³ en ek ús fijannen goed dogge⁴.

¹ Mt 7:12; 22:39; Rom 12:10. ² Mt 5:5, 7; Luk 6:36; Rom 12:18; Gal 6:1, 2; Ef 4:1-3; Kol 3:12; 1Petr 3:8. ³ Ex 23:5. ⁴ Mt 5:44, 45; Rom 12:20, 21.

Snein 41

108

Fr. Wat leart it sânde gebod ús?

Antw. Dat alle ûnseedlikens fan God ferflokt is¹.

Dêrom moatte wy dy ynmoedich haatsje en suver en ynbannich libje², sawol yn it hillich houlik as dêrbûten.

¹ Lev 18:27-29. ² 1Tess 4:3-5. ³ Mal 2:16; Mt 19:9; 1Kor 7:10, 11; Hebr 13:4.

109

Fr. Ferbiedt God yn dit gebod oars neat as troubrek?

Antw. Mei't ús lichem en siel timpels fan 'e Hillige Geast binne, wol God dat wy dy beide suver en hillich bewarje¹. Dêrom ferbiedt Er alle ûnseedlike dieden, gebearten, wurden², tinzen, lusten³ en alles dat in minske dêrta bringe kin⁴.

¹ 1Kor 6:18-20. ² Deut 22:20-29; Ef 5:3, 4. ³ Mt 5:27, 28. ⁴ 1Kor 15:33; Ef 5:18.

Snein 42

110

Fr. Wat ferbiedt God yn it achtste gebod?

Antw. God ferbiedt net allinne sok stellen¹ en rôvjen², dat de oerheid straft, mar Hy rekkenet ek foar stellen alle gemienichheden en oanslaggen, dêr't wy ús neiste³ syn besit mei naderje wolle.

Dat kin sawol mei geweld of skyn fan rjocht, as mei ferkeard gewicht, mjitte, waar, munt⁴, mei woeker of hokker middel ek dat God ferbean hat⁵.

Boppedat ferbiedt God ek alle gjirrigens⁶ en misbrûk of fergriemen fan syn jeften⁷.

¹ 1Kor 6:10. ² Lev 19:13. ³ Luk 3:14; 1Kor 5:10. ⁴ Deut 25:13-15; Spr 11:1; 16:11; Ezech 45:9-12. ⁵ Ps 15:5; Luk 6:35. ⁶ 1Kor 6:10. ⁷ Spr 21:20; 23:20, 21.

111

Fr. Wat hjit God dy yn dit gebod?

Antw. Dat ik myn neiste syn foardiel, dêr't soks mar kin en mei, begeunstigje en him krekt sa behannelje as iksels behannele wurde wol¹.

Fierders, dat ik myn wurk trou doch, om in oar yn syn need ek helpe te kinnen².

¹ Matt. 7:12. ² Ef 4:28.

Snein 43

112

Fr. Wat easket God yn it njoggende gebod?

Antw. Dat ik oer gjinien in falske ferklearring ôflis¹, gjinien syn wurden ferdraai², gjinien berabje of belasterje³, gjinien samar en sûnder dat ik him heard haw, feroardielje en mei feroardielje⁴.

Mar dat ik alle ligen en bedragen, dy eigenste wurken fan 'e duvel⁵, mij, om net de fûle grime fan God tsjin my geande te meitsjen⁶.
Fierders, dat ik foar it rjocht en yn hokker oare saken ek, de wierheid leafhaw en oprjocht bin yn myn sprekken⁷ en myn neiste syn eare en goede namme nei myn fermogen foarstean en befoarderje⁸.

¹ Spr 19:5, 9; 21:28. ² Ps 50:19, 20. ³ Ps 15:3; Rom 1:30. ⁴ Mt 7:1, 2; Luk 6:37. ⁵ Joh 8:44. ⁶ Spr 12:22. ⁷ 1Kor 13:6; Ef 4:25. ⁸ 1Petr 4:8.

Snein 44

113

Fr. Wat easket God yn it tsiende gebod?

Antw. Dat nea of te ninter de minste lust of gedachte tsjin hokker gebod fan God ek, yn ús hert opkomt, mar dat wy altyd in ynmoedige ôfgriis fan alle sûnden hawwe en ús hiele hert allinne nei gerjochtichheid útgiet¹.

¹ Rom 7:7.

114

Fr. Mar kinne hja, dy't ta God bekeard binne, dy geboaden folslein hâlde?

Antw. Nee, want sels de allerhillichsten hawwe yn dit libben mar in lyts begjin fan dizze hearrichheid¹. Mar dan sa, dat se mei in ernstich foarnimmen net allinne neffens guon, mar neffens alle geboaden fan God begjinne te libjen².

¹ Prek 7:20; Rom 7:14, 15; 1Kor 13:9; 1Joh 1:8, 10. ² Ps 1:2; Rom 7:22; 1Joh 2:3.

115

Fr. Wêrom lit God ús dan dy geboaden sa skerp foarhâlde, as dochs nimmen dy yn dit libben neikomme kin?

Antw. Earst, dat wy ús sûndich aard wat langer wat mear kennen leare¹ en nimmerstemear begeare de ferjouwing fan 'e sûnden en de gerjochtichheid yn Kristus te sykjen², salang't wy libje.

Twad, dat wy sûnder belies te jaan ús dêrfoar ynsette en God bidde om de genede fan 'e Hillige Geast, om wat langer wat mear fernijd te wurden neffens Gods evenbyld, oant wy nei dit libben it doel, de folsleinens, berikke³.

¹ Ps 32:5; Rom 3:20; 1Joh 1:9. ² Mt 5:6; Rom 7:24, 25. ³ 1Kor 9:24; Fil 3:12-14.

IT GEBED

Snein 45

116

Fr. Wêrom hat de kristen it gebed nedich?

Antw. Om't dat it wichtichste stik fan 'e tankberens is, dy't God fan ús freget¹. Boppedat wol God syn genede en de Hillige Geast allinne oan minsken jaan, dy't Him fan herten en oanienwei dêrom bidde en dêrfoar tankje².

¹ Ps 50:14, 15. ² Mt 7:7, 8; Luk 11:9, 10; 1Tess 5:17, 18.

117

Fr. Wat heart ta sa'n gebed dat God oanstiet en dat troch Him ferheard wurdt?

Antw. Earst, dat wy allinne de iennige wiere God, dy't Him yn syn Wurd oan ús iepenbiere hat¹, fan herten oanroppe² om alles te freegjen wat er ús hiten hat³. Twad, dat wy ús need en ellinde troch en troch kenne⁴, sa dat wy ús foar it antlit fan syn majesteit feroatmoedigje⁵. Tred, dat wy der fan op oan kinne⁶, dat Hy, hoewol't wy it net wurdich binne, ús om Kristus' wil wis ferhearre wol⁷, lykas Hy ús yn syn Wurd tasein hat⁸.

¹ Joh 4:22-24; Iep 19:10. ² Ps 145:18-20; Jak 4:3, 8. ³ Rom 8:26; Jak 1:5; 1Joh 5:14. ⁴ 2Kron 20:12; Ps 143:2. ⁵ Ps 2:11; Ps 51:19; Jes 66:2. ⁶ Rom 8:15, 16; 10:14; Jak 1:6-8. ⁷ Dan 9:17-19; Joh 14:13, 14; Joh 15:16; 16:23. ⁸ Ps 27:8; 143:1; Mt 7:8.

118

Fr. Wat hat God ús oplein fan Him te freegjen?

Antw. Al ús lichaamlik en geastlik gerak¹, sa't de Hear Kristus dat gearfette hat yn it gebed dat Hy ús sels leard hat.

¹ Mt 6:33; Jak 1:17.

119

Fr. Hoe is dat gebed?

Antw. *Us Heit yn 'e himel,*

1. Lit jo namme hillige wurde.

2. Lit jo keninkryk komme.

3. Lit jo wil dien wurde op ierde likegoed as yn 'e himel.

4. Jou ús hjoed ús deistich brea.

5. En ferjou ús ús skulden sa't wy ús skuldners ek ferjûn hawwe.

6. En lit ús net yn fersiking komme, mar ferlos ús fan 'e kweade; want jowes is it keninkryk en de krêft en de hearlikheid oant yn ivichheid.

Amen.

Mattéus 6: 9-13; Lukas 11: 2-4.

Snein 46

120

Fr. Wêrom hat Kristus ús oplein God sa oan te sprekken: Us Heit?

Antw. Om sadwaande fuortdaliks by it begjin fan it gebed yn ús bernlike earbied en betrouwen foar God oer op te roppen. Dy earbied en dat betrouwen meitsje beide de grûn fan ús gebed út.

God is ommers troch Kristus ús Heit wurden? Hy sil ús dêrom helte minder wegerje wat wy mei in oprjocht leauwe fan Him freegje, as ús ierdske heiten ús ierdske dingen ûnthâlde¹.

¹ Mt 7:9-11; Luk 11:11-13.

121

Fr. Wêrom wurdt hjir oan tafoege: yn 'e himel?

Antw. Kristus leart ús hjirmei, dat wy fan 'e himelske majesteit fan God net ierdske tinke¹ meie en alles dat wy foar lichem en siel nedich hawwe², fan syn almacht ferwachtsje.

¹ Jer 23:23, 24; Hann 17:24-27. ² Rom 10:12.

Snein 47

122

Fr. Hoe is de earste bea?

Antw. *Lit jo namme hillige wurde.*

Dat is: Jou ús yn it foarste plak, dat wy Jo op 'e rjochte wize kenne¹ en Jo yn al jo wurken², dêr't jo almacht, wiisheid, goedheid, gerjochtichheid, barmhertichheid en wierheid klear yn útkomme, hilligje, romje en priizje .

Jou ús ek, dat wy ús hiele libben – ús tinken, ús wurden en deden – dêrop rjochtsje, dat jo Namme fanwegen ús dwaan en litten net lastere, mar eare en prize wurde mei³.

¹ Ps 119:105; Jer 9:24; 31:33, 34; Mt 16:17; Joh 17:3; Jak 1:5. ² Ex 34:6, 7; Ps 119:137, 138; 145:8, 9; Jer 31:3; 32:18, 19; Mt 19:17; Luk 1:46-55; 1:68, 69; Rom 3:3, 4; 11:22, 23; 11:33. ³ Ps 71:8; 115:1; Mt 5:16.

Snein 48

123

Fr. Hoe is de twadde bea?

Antw. *Lit jo keninkryk komme.*

Dat betsjut:

Regearje ús sa troch jo Wurd en Geast, dat wy wat langer wat mear ús oan Jo deljouwe¹;

bewarje en fermearderje jo tsjerke²;

ferneatigje de dieden fan 'e duvel en elke macht dy't tsjin Jo yn it ferhef komt; kom ek alle kwea betinken tefoaren dat tsjin jo hillich Wurd betocht wurdt³; oant de folsleinens fan jo ryk komt⁴ as Jo alles yn allegearre wêze sille⁵.

¹ Ps 119:5; 143:10; Mt 6:33. ² Ps 51:20; 122:6, 7. ³ Rom 16:20; 1Joh 3:8. ⁴ Rom 8:22, 23; Iep 22:17, 20. ⁵ 1 Kor 15:28.

Snein 49

124

Fr. Hoe is de tredde bea?

Antw. *Lit jo wil dien wurde op ierde likegoed as yn 'e himel.*

Dat betsjut:

Jou, dat wy en alle minsken ús eigen wil fersaakje¹ en oan jo wil, dy't allinne goed is, sûnder tsjinsprekken hearrich binne²; dat sadwaande elkenien de taak, dêr't er ta roppen is, like reewillich en trou waarnimme³ mei as de ingels dat yn 'e himel dwaan⁴.

¹ Mt 16:24; Tit 2:11, 12. ² Luk 22:42; Rom 12:2; Ef 5:10. ³ 1Kor 7:22-24. ⁴ Ps 103:20, 21.

Snein 50

125

Fr. Hoe is de fjirde bea?

Antw. *Jou ús hjoed ús deistich brea.*

Dat betsjut:

Wol ús alles jaan wat wy foar ús lichem nedich ha¹, sadat wy dêrtroch ynsjen meie, dat Jo de iennige boarne binne dêr't alle goed út fuortkomt² en dat ús soargjen en wrotten en ek jo jeften neat bedije bûten jo seine³.

En lear ús dêrtroch ek, dat wy ús betrouwen net langer op hokker skepsels ek, mar allinne op Jo stelle⁴.

¹ Ps 104:27, 28; 145:15, 16; Mt 6:25, 26. ² Hann 14:17; 17:27, 28; Jak 1:17. ³ Deut 8:3; Ps 37:3-7, 16, 17; 127:1, 2; 1Kor 15:58. ⁴ Ps 55:23; 62:11; 146:3; Jer 17:5, 7.

Snein 51

126

Fr. Hoe is de fyfte bea?

Antw. *En ferjou ús ús skulden sa't wy ús skuldners ek ferjûn hawwe.*

Dat betsjut:

Wol ús, earme sûnders, om 'e wille fan Kristus' bloed, al ús misdieden en ek it ferkearde dat ús altyd oanhinget¹, net oanrekkenje, sa't wysels as blyk fan jo genede ek yn ús fernimme, dat wy ús neiste fan herten ferjûn hawwe².

¹ Ps 51:3; 143:2; Rom 8:1; 1Joh 2:1. ² Mt 6:14, 15.

Snein 52

127

Fr. Hoe is de sechste bea?

Antw. *En lit ús net yn fersiking komme, mar ferlos ús fan 'e kweade.*

Dat betsjut:

Wy binne út ússels sa swak, dat wy soene it net in momint hâlde kinne¹, wylst boppedat ús deadsfijannen, de duvel², de wrâld³ en ús eigen sûndich aard⁴ sûnder ophâlden ús oanfjochtsje.

Dêrom freegje wy fan Jo: wol ús dochs oerein hâlde en stypje troch de krêft fan jo Hillige Geast, sadat wy yn dizze geastlike striid net ûnder komme te lizzen⁵, mar altyd tige tsjinwar biede, oant wy oan 'e ein de folsleine oerwinning behelje⁶.

¹ Ps 103:14-16; Joh 15:5. ² Ef 6:12; 1Petr 5:8. ³ Joh 15:19. ⁴ Rom 7:23; Gal 5:17. ⁵ Mt 26:41; Mk 13:33; 1Kor 10:12, 13. ⁶ 1Tess 3:13; 5:23.

128

Fr. Hoe is de ein fan dyn gebed?

Antw. *Want jowes is it keninkryk en de krêft en de hearlikheid oant yn ivichheid.*

Dat betsjut:

Om al dy dingen freegje wy Jo ús alle goed jaan wolle en kinne. Want Jo binne ús Kening en hawwe macht oer alle dingen¹.

En wy freegje Jo dat, sadat dêrtroch net ús namme, mar jo Namme ivich prize wurde mei².

¹ 1Kron 29:10-12; Rom 10:11-13; 2Petr 2:9. ² Ps 115:1; Jer 33:8, 9; Joh 14:13.

129

Fr. Wat betsjut it wurd "Amen"?

Antw. Amen wol sizze: it is wis en wier.

Want myn gebed is helte wisser fan God ferheard as ik yn myn herte fiel dat ik soks fan Him begear¹.

¹ 2Kor 1:20; 2Tim 2:13.